

Moarn is wer in dei

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2006

seis en sechstich saken
twa en tweintich taken
't liket fierstefolle, mar der is noch mear
wy diene wat wy woene
mar wy kinne net tsjoene
alles wat wy wolle dat komt sa net klear

C
Cm
D7 Es D7
C
Cm
D7

kearsang: *moarn is wer in dei*
 moarn is wer in dei
 moarn nimm' wy de dei wol mei

G
C7
D7 C7 D7 G

sân en santich jierren
trij en tritich blieren
wol ek noch safolle, mar wit net wannear
de Slachte nochris rinne
mar neat oars dwaan as stinne
it sin al gau bekuolle, it wurdt in oare kear

kearsang:

acht en tachtich winsken
fjouwer en fjirtich minsken
deunsk as ko en bolle, twa en tweintich pear
en sil it einlings heve
dan gau de seilen reve
pine yn 'e holle, of it wol net mear

sturtsje: moarn wol alles better
 rint it as lij wetter
 moarn nimm' wy de dei wol mei

C Cm
G A7
C7 D7 G